

Sûnt 1991 wennet it keunstnerspear Pieter en Abby Heynen yn Easternijtsjerk. Hy is hikke en tein yn Limburch, sy yn Amearika. Troch kontakten fia it wurk rûnen de twa mekoar tafallich yn Nederlân tsjin it liif. Se rekken net allinnich sljocht op elkoar, mar ek op Fryslân. Dat fan it iene kaam it oare.

It foldocht de beide wrâldboargers skoan yn har wen- en wurkbuorkerij yn Easternijtsjerk. Yn it neistlizzende kampke lân rûn altyd in trou hynder. Om't eigner Eelke Walsma dat bist lang om let net mear fersoargje koe, drige dy situaasje yngripend te feroarjen. It hynder soe nei it slachthûs moatte. Mar dat woene de Heynens net. Mei de oerbuorlju, Gunnar en Els Daan, hawwe se it bist doe oernommen fan Walsma. 'Dat hynder rûn hjir altyd njonke'n ús pleats,' seit Abby Heynen. 'Dat fûnen wy sa'n prachtich gesicht. It hearde hjir echt by. Wy woene dat moaie byld graach kontinuearje. Wy en de Daans binne gek op hynders.'

Eelke Walsma, dy't no yn fersoargingshûs De Skûle yn Mitselwier wennet, hat it hynder yndertiid as foaltsje kocht op 'e hynstemerck yn Hedel. Bella is no goed tsien jier. Sa'n foars Belgysk hynder moat eins oan it wurk. 'Mar Bella is in húsdier dêr't noait mei wurke is,'

ferklearet Pieter Heynen. 'It is in hiel leaf en mak hynder. Foar my is it in foarbyld fan folsleine ûnskuld. De minsken hawwe in soad aardichheid oan it bist. Foaral fan 'e bern út it doarp kriget se in soad oanspraak. Bella is in echt doarpshynder wurden.'

De offisjele namme fan it doarpshynder fan Easternijtsjerk is Cobby van 't Bos. 'Ien fan 'e bern út it doarp sil op 'e namme Bella kommen wêze,' tinkt Pieter Heynen. 'Sa wurdt it hynder no altyd neamd en se reagearret ek op dy namme.'

Bella libbet op in kampke lân fan Staatsboskbehear. 'Dat hoekje grûn is noch in oerbliuwsel út 'e tiid fan foar de ruilferkaveling,' seit Heynen entûsjast. 'Der is ek noch in âlde dobbe by. Ik fyn it sa prachtich dat sa'n bist dêr omrinne kin.'

Mei de oerbuorlju hiene de Heynens in skoftke lyn al ôfpraat dat Bella net út Easternijtsjerk ferdwine mocht as Eelke Walsma de soarch foar it hynder net mear op him nimme koe. Pieter Heynen: 'Mar dat barde earder as wy tocht hiene.'

In foech healjier is Bella no eigendom fan 'e Heynens en de Daans. De deistige soarch foar it bist is foar Pieter en Abby Heynen. Foar ûnderdak kin Bella terjochte yn 'e pleats fan Gunnar en Els Daan, dy't foarhinne Fryske hynders hân hawwe. Der is noch in stâl yntakt dêr't Bella altyd wolkom is.

It is wer ris wat oars as Us Mem en 't Peerd van Ome Loeks. Mar Bella is net mear út Easternijtsjerk wei te tinken. De Belgyske brúnskimmel hat in poerbêst libben op 'e Fryske klaai. Neffens Pieter Heynen is it in aardige bykomstichheid, dat Bella op ûnbespuite grûn fan Staatsboskbehear libbet. 'Se yt allinnich mar 'skjin' gers. Bella is in miljeufreonlik doarpshynder.'